


## Managementgearfetting

Yn 2016 bestie it Tomke-projekt tweintich jier. In moai momint om in evaluaasjeûndersyk te dwaan ûnder âlders fan pjutten. Yn dat ûndersyk is ûndersocht wat Tomke foar effekt hat op de lêsbefoarding, yn it algemien en spesifyk yn it Frysk.

### Foarskoalske foarsjenning spilet in wichtige rol

Fan de 345 âlders dy't meidien hawwe oan it ûndersyk jout 68% oan dat Tomke brûkt wurdt op it pjutteboartersplak, op it bernedeiferbliuw of by de gastâlder. In hiel grut part fan de âlders dy't oanjouwe dat Tomke yn de foarskoalske foarsjenning brûkt wurdt, fynt it ek belangryk dat dat bart.

De foarskoalske foarsjenning blykt in belangrike opstap nei Tomke te wêzen. Krapoan de helte fan de âlders kriget de Tomke-boekjes fia de foarskoalske foarsjenning en lêst dêr thús út foar. In protte âlders jouwe oan dat der yn de foarskoalske foarsjenning foarlêzen wurdt út de Tomke-boekjes. Dêrneist wurde der kleurplaten makke en wurdt der aktyf meidien oan de Fryske Foarlêswike.




### Alders en bern boartsjendewei dwaande mei taalûntwikkeling

Tomke is in taalprogramma dat meartaligens stimulearje wol. Alhoewol't de ferhalen fan Tomke yn it Frysk binne, wurdt besocht om de taalûntwikkeling op ferskillende gebieten en yn mear as ien taal te stimulearjen. De foarskoalske foarsjenning spilet dêrby in grutte rol. It brûken fan Tomke op it pjutteboartersplak of it bernedeiferbliuw stimulearret âlders om thús mear mei it Frysk te dwaan. Tomke is in foar de bern werkenber karakter en it brûken fan tema's makket it foar âlders makliker om it oer bepaalde ûnderwerpen te hawwen (bygelyks oer de toskedokter en fairtrade).

Fierwei it grutste part fan de âlders (92%) achtet it fan belang of fan grut belang dat Tomke it Frysk stimulearret. De âlders hechtsje ek in protte wearde oan it stimulearjen fan it foarlêzen yn brede sin (90%) en oan it stimulearjen fan meartaligens (91%). In tredde part fan de âlders jout oan dat Tomke bydraacht oan taalûntwikkeling, sawol oan de algemiene taalûntwikkeling as oan de taalûntwikkeling

yn it Frysk. De measte âlders jouwe lykwols oan dat Tomke gjin ynfloed hat op de taalûntwikkeling fan harren bern, mar dat Tomke wól stimulearret om mear mei it Frysk en taal yn it algemien te dwaan. Hja lêze harren bern bygelyks foar. Unbewust binne âlders méi harren bern dwaande mei de taalûntwikkeling fan de bern. Dat bart op in hiel natuerlike manier. Dat past ek goed by de fyzje fan de organisaasjes dy't Tomke ûntwikkele hawwe: boartsjendewei meartaligens stimulearje en de taalûntwikkeling fergrutsje.



### Taalgebiet oansprutsen en basisregels leard


Trochdat bern mei Tomke behalve mei it Nederlânsk ek yn 'e kunde komme mei it Frysk wurdt it taalgebiet yn it brein mear oansprutsen en ûntwikkele. De bern leare bepaalde basisregels dy't ek tapast wurde kinne yn oare talen. Sa wurde se boartsjendewei taret op it learen fan oare talen. Tomke is in Frysktalich karakter en stimulearret âlders om mei taal oan 'e slach te gean. Dat befoarderet meartaligens.

### Taalûntwikkeling yn in trochgeande learline

Tomke is bedoeld foar bern tusken twa en fjouwer jier. Alders blike lykwols ek ferlet te hawwen fan in karakter foar jongere en âldere bern; dêrby kin tocht wurde oan in âldere broer of suster fan Tomke.

Alders jouwe oan dat der op de basisskoalle foaral Nederlânsk praat wurdt en dat it Frysk hieltyd mear ûndersnijd rekket. Dêrom wolle âlders thús mear omtinken jaan oan it Frysk. Der binne wol boeken yn it Frysk, mar âlders hawwe stipe nedich om it lêzen yn it Frysk te stimulearjen. Tomke is in sterk merk en kin noch útwreide wurde.

Foar it fergrutsjen fan de taalûntwikkeling en it ferbreedzjen fan de trochgeande learline is in sterkere ferbining tusken Tomke en oare Fryske ferhalen/organisaasjes fan belang.



Alders hawwe net inkeld ferlet fan Fryske ferhalen dy't se oan harren bern foarlêze kinne, mar ek fan in boekje wêrmei't se harren bern yn it Frysk lêzen leare kinne. It idee is dat dat net allinnich de taalûntwikkeling yn it Frysk stimulearret, mar ek de meartaligens. De taalûntwikkeling wurdt boartsjendewei al betiid oansprutsen en úteinlik kinne bern op in kreative en aardige manier lêzen leare. Alders lykje ferlet te hawwen fan in Tomke foar in bredere doelgroep. It advys is om dêrop yn te spyljen.

### **Heit&Mem en bibliotek ek fan belang as ynformaasjeoarsjenning**

Neist de foarskoalske foarsjenningen binne *Heit&Mem* (tydskrift en website) en de bibliotek belangrike plakken om yn kontakt te kommen mei Tomke. Yn de bibliotek is in prominint plak foar Fryske boeken belangryk. Dêrnjonken binne de social media belangrike plakken om op 'e hichte te bliuwen; dêr komt faak net de earste moeting mei Tomke ta stân, mar âlders fine dêr wol nijs oer Tomke. It is fan belang dat de social media up-to-date bliuwe en dat der geregeld nije ynformaasje op set wurdt. Sa wurde âlders net allinnich op 'e hichte holden, mar ûntstiet der ek mear bining mei Tomke.

### **Tomke-app kin wichtige rol spylje yn de takomst**

Der is in Tomke-app, mar der binne net folle âlders dy't der gebrûk fan meitsje. Op it stuit dat it ûndersyk holden is wie de app bûten gebrûk en wurdt der wurke oan in update. Sawat in fyfde part fan de âlders brûkt de Tomke-app. Om dy foar bern útdaagjend te hâlden is it fan belang dat de spultsjes geregeld fernijd wurde.

YouTube is neffens âlders in oare manier om Tomke by bern ûnder de oandacht te bringen. Mei help fan filmkes kinne bern mei taal oan 'e gong gean. Sa wurdt de taalûntwikkeling boartsjendewei stimulearre. It advys is om in YouTube-kanaal foar Tomke op te setten. De doelgroep wurdt dêrmei ferbrede.